

Desimber 2021

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 66 nr. 3

Wat sit der yn de koer?

Programma 2021-2022		
Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 18 desimber 2021	Utert-B	Krystmiddei → giet net troch
Sneon 8 jannewaris 2022	Utert-B	Nijjiersbesite → giet net troch
Sneon 19 febr. 2022	Seist- N	<i>Noch net bekend</i>
Sneon 2 april 2022	Seist-N	Adri de Boer - muzykprogramma

*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeis, Utert-B = Bijkershoek, Utrecht

Meidieling bestjoer

Yn de foarige Kritekoer ha wy skreaun, dat wy gjin inkel risiko mei de sûnens fan ús leden nimme. Dat betsjut dat wy ús op de krite-gearkomsten oan de korona-regels hâlde dy't op dat momint (noch) jilde.

Us bestjoersgearkomste wie ien dei foardat de nije korona-regels bekend makke waarden troch it regear. Troch dizze omstannichheden en de ferskiningsdatum fan dizze Kritekoer (foar de Krystmiddei en de Nijjiersbesite) ha wy besluten om dy beide gearkomsten ferfalle te litten. Wy hoopje elkoar yn febrewaris 2022 wer te sjen.

Ledeniis

Us lid F.A. (Frits) Schnoor út Utert is op 1 desimber 2021 ferstoarn. Hy is berne op 14 maaie 1928. Hy wie lid fan de krite sûnt 1-1-1987. Doe't hy noch op de kritejûnen kaam, naam hy altyd leden út Overvecht mei. Op 7 desimber 2021 wie der in ôfskiedstsjinst. Pietie Westdijk hat hjir hinne west.

Boun om Utens - www.fryskbutenfryslan.frl

Op sneon 26 maart 2022 wurde de Algemiene Gearkomste en Moetings-en Ynspiraasjemiddei hâlden yn Reeuwijk. De gastkrite is Boadegraven.



Fan de foarsitter

No binne wy al wer yn de moanne desimber oankommen. En wer sit it firus ús dwers. Wy as bestjoer soenen de Krystmiddei ferline wike regelje en doe kamen der wer nije regels fan it regear. Ek kamen wy sels ta de konklúzje, dat wy ferantwurdlik binne foar jimme, ús leden. Wy hawwe doe it beslút nommen om 18 desimber en 8 jannewaris net by inoar te kommen, om inoar dus net te besmetten! It is och sa spitich, mar it kin net oars. Wy moatte goed foar inoar soargje yn dizze tiden.

Dêrom komt der no wer in grouwere Kritekoer yn de bus. Mei wat mear lê- en puzelwille. Ik hoopje, dat jimme allegearre sûn bliuwe en gau de 'booster-prik' krije kinne. Der binne wol oare sike leden. Ik tink dêrby oan Nora Koren en Geke Tukker. Se binne beide oan it refalidearjen yn in ferpleechhûs. Wy hoopje, dat se dêr opknappe meie en wer nei harren eigen hûs gean kinne! Sa winskje ik eltsenien, dy't siik thús sit, fan herte betterskip en sterkte ta!

Fierderop stiet in stikje fan Jan Piet oer ús earste toanieljûn yn dit seizoen, en foarriedich ek efkes de lêste. It wie in moai stik, mar it wie spitich, dat it sa let waard. Dat hearden wy ek pas, doe't se by ús wienen. Mar se spilen goed en ik haw my gjin momint ferfeeld. Wy wienen oan it sykjen foar in stik yn febrewaris of april. Mar der binne in oantal ploegen, dy't stoppe binne mei oefenjen troch de driging fan koarona. Se moatte in gruttere rippetearromte hawwe, dy't faak net te finen is. Boppedat binne se der net wis fan at se fuort kinne te spyljen.

Foar 2 april 2022 hawwe wy in muzykjûn plant. Dan kinne wy yn elts gefal it kritesezoen ôfslute mei in gesellige muzykjûn. De rest fan it programma is dus noch ûnwis en moatte wy ôfwachtsje.



Foar de kommende moanne winskje ik jimme allegearre frede, sûnens en hooplik noflikke krystdagen ta. Foar it nije jier folle lok en seine!

Mei in golle groet fan jim foarsitter,
Pietie Westdijk-Kaastra





De ynhâld fan dizze Kritekoer

It bestjoer hat besluten om dizze Koer te foljen mei wat ferdivedaasje: in puzel, in gedicht, wat ynstjoerde stikjes fan kriteleden. De redaksje winksjet jimme in protte lêswille ta.

De earste Friezen

600 foar Kristus. De brede stripe klaai dy't fan súdwest nei noardeast by de Fryske kust lâns rint, waard om 600 f.Kr. foar it earst bewenne. It kwelderlân lei noch folslein iepen foar eb en floed. De earste kolonisten setten harren nei wenjen yn de omkriten



fan Boalsert en Wommels. It wienen feeboeren dy't de griene kwelders ûntdutsen hienen. Se stiften har earste delsettings op hegere wâlen lâns slinken en prielen. Se wennen mei har fee op in boerespultsje. Har ierdewurk is tige karakteristyk: swart ierdewurk, foar in part bûtenwenstich fersierd mei geometryske motiven. Nei de fynplakken wurdt it wol Ruinen/Wommels ierdewurk neamd. Njonken de feefokkerij wienen minsken dwaande mei de teelt fan flaaks, dowebeantsjes, koarn en rogge. Doe't de seespegel begûn te stigen, ferhegen se harren wenplakken mei gersseadden, hússmoargens en dong; sa ûntstienen de lettere terpen.

Oerset troch Ida Knobbe; boarne: 'Het Frsyslân Boek', útj. Wbooks, 2010

Friesland Post – eksimplaren 2014 – 2020

Piet Bloemsma út Bunnik skreau: “Ik ha de jiergongen 2014 oant en mei 2020 fan de ‘Friesland Post’. Dat is in moai moanneblêd mei fan allerhande nijtjes en wittenswaardichheden oer en fan Fryslân. Derby stean in protte moaie kleurenfoto's. Oandacht is der ek oar ‘Fryslân út de âlde tiid’ mei



prachtige foto's út dy tiid ... As immen dêr belangstelling foar hat, dan graach kontakt opnimme mei my. Ik bring se dan bij jimme thús. By mear belangstellenden wurde se ferdield. Oan elkoar trochjaan (ruilje) kin ek.”
Email: p.bloemsma@planet.nl, tillefoan: (030) 656 1140 of (06) 2317 8430.

Us panne

Salang't ik it my heuge kin, stie dizze panne by ús yn 'e kelder. Myn suster, dy't 11 jier âlder is as ik, fertelde dat sy oars net wit as dat dy panne hearde by ús. Wêr't weikomt is net mear te efterheljen, mar âld is der wol. Us mem brûkte de panne om snert yn te sieden. Mei 6 bern wie sa'n grutte panne wol nedich. Allegearre yn 'e groei fansels en dan giet snert der maklik yn. Dêr komt by, dat mem hiel lekker iten siede koe. Smûzje* dus! Simmers stie de panne yn 'e kelder en sieten der apels yn. Wy mochten der sûnder te freegjen fan nimme.

No stiet de panne earne efteroan by my yn in kast. Mar... as it snerttiid is, helje ik him der wei en meitsje in panne fol, krekt sa as ús mem doetiids. Ik haw gjin 6 bern, mar wol famylje, oppasbern en kunde, dy't graach in poarsje ha wolle. Leafhawwers genôch, foaral minsken dy't allinnich binne en foar harsels gjin snert siede. Sa wurdt in tradysje trochjûn; in moai oantinken oan thús en oan ús mem.

Trieneke Vos

* smûzje = smullen





KRYSTPUZEL

Puzel oer bekende Friezen fan hjoed en juster

Wy sykje 15 nammen fan Friezen. It oantal letters is oanjûn. Jo kinne de antwurden ynfolle op it losse antwurdformulier yn dizze Kritekoer. As jo it goed dien ha, foarmje de letters yn de griene fakken in winsk fan it bestjoer! Stjoer jo antwurdformulier foar 6 jannewaris 2022 yn in slúf nei:

[Harke Hofman, Elzenstraat 3, 4131 AK Vianen.](#)

Hawwe jo alle nammen en de winsk goed? Dan krije jo in moai pryske!

OMSKRIUWINGEN

1. Man út Kimswert (6,4).
2. Hans van der Kallen hat boeken publisearre yn de rige ‘Zwarte Beertjes’. Syn skriuwersnamme wie ... (6)
3. Dizze frou skreau oer in hiele grutte húshâlding (6,3,7).
4. Berne yn Idskenhúzen yn 1723. Hie in winkeltsje ‘De Witte Os’. Wy kinne net in dei sûnder in bakje kofje fan him. Mar let hjir goed op: it is net syn soan! (6,6)
5. Kening fan Fryslân (6).
6. De man fan ús Fryske taal, kaam út Boalsert en wie in ‘renaissance-skriuwer’ (7,6).
7. Syn pake krige de efternamme dy’t as fûnling yn in ierappelfjild by Wynjeterp fûn is. Bekende man fan de PvdA (4,9).
8. Sjongt “Dûnsje my de leafde út” (5,6).
9. Skoarde 763 kear! Stiet yn deselde rigel as Johan Cruijff! Komt út it Fean (3,7).
10. Dizze persoan wie direkteur-generaal fan ús koloanje ‘Nieuw Nederland’ (5,10).
11. Dizze man spile by it Selskip Tetman en Jarich (6,7).



12. Berne yn 1797 te Grou. Wie skriuwer en dokter. Hy skreau ‘De âlde Friezen’ en dat is omset nei it Frysk folksliet (7,10).
13. Berne yn Ljouwert. En sy koe dûnsje! Dûnsje! En net allinnich foar Rudolph MacLeod (4,4).
14. Bekende wolkjimmer mei in wiskunde- en stjerre’knobbel’ út Frensjer (4,7).
15. “En hij staat!” (4,10)

Alle gearre sukses tawinske!





SNIE !



Wannear	It ferrin
08:00 oere	Snie! In sniepop makke.
08:10 oere	De earste foarbygonger makket beswier. Werom is it gjin sniefrou?
08:30 oere	Sniefrou derby makke.
08:32 oere	De frou fan de berne-opfang makket beswier tsjin de dúdlik sichtbere boarsten fan de sniefrou.
08:40 oere	De buorman fan 4 huzen fierder, dy't tegearre mei in freon wennet, is fan miening dat der best 2 sniemannen stean kinne hienen.
08:45 oere	De oerbuorfrou, in fanatike feganiste, klaget oer it misbrûk fan de woartels. Iten fergrieme, seit se.
09:00 oere	Fatima, dy't op de hoek wennet, easket dat de sniefrou in holdoek draacht.
09:15 oere	De plysje komt lâns om de situaasje neier te besjen.
09:30 oere	It arrestaasjeteam set de omjouwing ôf, omdat de biezemstôk as slachwapen brûkt wurde kin.
09:45 oere	Myn mobyltsje wurdt yn beslach naam. Ik wurdt mei blyndoek mei de helikopter ôffierd.
10:00 oere	Ik betelje op it buro in boete fan € 1.000,- om't de snieman en de frou gjin mûlkapke drage. Ek de 1,5 m ôfstân is net yn acht naam.
Wie it mar wer maittiid	

Ynstjoerd troch Lucie van Herpen-Postma en Tine Ruyzenaar en út it Nederlânsk oerset troch Jan Piet Bergmans, dy't ek de titel en de koppen tafoege hat.



It toanielstik 'Doazen' op 6 novimber 2021 yn Seist

Foarsitter Pietie Westdijk hiet 29 minsken wolkom. Einliks kin der wer in kritejûn organisearre wurde, mar dan wol mei de QR-kontrôle. It stik bestiet út 2 bedriuwen, dat wer opdield is yn 2 en 5 sênes. De foarsitter warskôget foar in lange sit.

In bysûnder stik mei 6 froulju en susters fan inoar. Wy belibje de gesellige tiden dy't de susters ha, bygelyks yn de sauna, de yrritaasjes at se mei inoar oan it himmeljen en ferven binne: ferlechje om net te kommen, te let komme ensfh. Ik fûn it foar it skoft foaral in 'praatstik'.

Nei it skoft komt der wol aksje: it wurdt dúdlik dat ien fan de 6 froulju - se siet net lekker yn har fel - in date fan har suster oernommen hat. Dit koe se dwaan om't se stikem op de telefoan sjoen hie. Ek in bekend fenomeen: ien fan de susters moat nei it sikehûs. Kin ien fan de 5 mei? Der wurdt belle en belle, allegearre ha se it drok of in oar ferlechje. Sûnder it fan inoar te witten moetsje se inoar allegearre yn de wachtkeamer fan it sikehûs. Der waard prachtich toanielspile .

It stik wie om alve oere dien, mar ik ha it net as in lange sit ûndergien.

Jan Piet Bergmans



Doazen yn Seist – foto: Harke Hofman



Tiny Mulder

Dichter yn 'e snie

En doe 't de snie dan fallen wie
en elk beam berime,
doe klom Tsjear Jan de ljedder op,
sa'n fjouwer, fiif, seis trimen.

Hy lei wat bôle en wat tsiis
op 't dak fan syn garaazje.
Dêr kaam fan goatte, strûk, strewel,
it hiele fûgelnaasje.

Tsjear Jan ferdwûn stil yn 'e hûs,
stie smokend foar de glêzen,
beseach de resultaten fan
syn ier woldiedichwêzen.

De mosken fochten om de tsiis,
de miezen om de krommen.
de aksters jagen alles fuort
en ha wat oerbleau nommen.

Tsjear Jan wie dichter en hy woe
foar kofjetiid wat skriuwe
oer 't fûgelguod dat freedsum is,
freeds'mer as oare ljuwe.

't Waard in protest, fel sûnder rym,
hoe't grutten lytsen narje
en sels yn froast, snie, iis en kjeld
har wiere aard bewarje.

Wylst waaiden alle wolken fuort
en dêr hast ek de sinne,
de tûken drippe, snie teit fuort.
Tsjear Jan tinkt: hoe fergonklik,
en skriuwt, net botte oarsprinklik:
De beide goatten rinne.

*Út: De waarmte fan desimber,
winterboek. Afûk, 2010*



It ierappelskylmeske

Doe't ik noch op 'e Steenen Camer wenne yn Bilthoven, wenne tsjinoer ús in âlde dame. Sy wenne allinnich omdat har skoansuster ferstoarn wie. Dy skoansuster wie troud west mei in omkesizzer fan ús heit. Sadwaande hiene wy in bytsje kunde oan inoar. Omdat se allinnich wie, gie ik moarns wol gauris efkes by har del. Omdat ik doe ek drok wie mei myn frijwilligerswurk, koe ik dy tiid eins net misse. Dus wat die Boukje : ik naam myn ierappels mei en skylde dy by har. Ik hie myn eigen meske mei. Doe't ik klear wie naam Elly, sa hiet hja, it bakje mei skilen mei nei de keuken en ik gie nei hûs. Thúskommen seach ik dat it net myn meske wie dat yn it bakje siet. Dus ik de dyk oer en belle oan. 'Elly, dit is net myn meske, soe ik dat wer ha meie?' 'Natuerlik', sei hja en gong it opheljen. Doe ik it meske seach, sei ik: 'Dit is net myn meske!' 'Hja hear', sei se. Ik frege oft se noch in meske yn de keuken hie en oft hja dat efkes ophelje woe. Mei tsjinsin gie hja en ja hear, se hie noch in meske en doe't ik sei dat se efkes goed nei it meske sjen moast, seach hja ek dat myn namme der op stie.

De firma Brattinga ferkeapet dizze meskes noch hieltyd en foar kunde moat ik, as ik nei De Jouwer gean, dizze ierappelskylmeskes keapje en meinimme want se binne sa lekker skerp...
Sa hat myn namme my rêden!

Boukje Brattinga





KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (030) 2318 224, pcwestdijk@kpnmail.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (0347) 320 093, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (030) 2625 897, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer en Nora Koren

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (030) 2318 224, pcwestdijk@kpnmail.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Boukje Andringa, (0346) 216 240, boukjeandringa@kpnmail.nl

Ferstjoeren Kritekoer

Pietie Westdijk & Harke Hofman

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert



Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?
Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

woansdei 26 jannewaris 2022